

- Gearkomste** :
- Wurklistnûmer** :
- Ûnderwerp** : Ferlingje rintiid Fryske Guozze-oanpak 2017-2020  
**Beliedsprogramma** : Natuerlik Kapitaal  
**Registraasjenûmer** : 01615457  
**Portefeuillehâlder** : Kramer
- Behanneljend amtner** : G. Mensink, (058) 292 59 25, Natuer, wetter en boaiem
- Oanlieding** : Oarspronklik rûn de guozze-oanpak fan 2014-2020. Yn 2017 kaam der nei in tuskenevaluaasje in oanskerpe oanpak. Ferlinging fan de guozzeoanpak soarget derfoar dat de oanskerpe oanpak mear tiid krijt him te bewizen en foar dúdlikens yn it fjild soarget by ûnder oaren boeren en jagers. Boppedat jout dit romte om de Europeeske oanpak yn it ferfolch op te nimmen, dizze Europeeske oanpak is oare jier noch net klear.

De hjoeddeistige útfiering fan it guozzebelied leit fêst yn de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020. Dy rint dus oant en mei 2020. Yn ús brief fan 30 oktober 2018 oan PS (skaaimerke 01584107) hawwe wy oanjûn dat wy yn jannewaris 2019 mei in útstel foar in ferfolch fan de guozze-oanpak komme. Dat dogge wy mei dit stik. Yn de Fryske Guozze-oanpak is dêrneist fêstlein dat de guozze-oanpak alle jierren (koart) evaluearre wurdt. Ek hat PS mei moasjes 1571 en 1581 frege om in evaluaasje yn 2019 (twa jier nei it fan krêft wurden fan de Fryske Guozze-oanpak 2017 – 2020). Yn ús brief fan 30 oktober hawwe wy oan PS útlein dat in evaluaasje yn 2019 earst oan de ein fan dat jier oplevere wurde kin. Út in foarriedige evaluaasje fan de skeasifers oer 2017-2018 docht bliken dat de skea troch fretterij mei 24% sakke is. Der binne, neist dy fermindering fan de skea, in tal redenen wêrom't it op 'en nij oanpassen fan de guozze-oanpak op dit stuit net needsaaklik achte wurdt. Dêrom wurdt útsteld de rintiid fan de Fryske Guozze-oanpak oant en mei 2023 te ferlingjen.

**Europeeske kontekst** : De oanpak fan de groeiende populaasjes trekgoozzen yn Fryslân en de troch harren feroarsake skea slagget úteinlik allinne as dat yn ynternasjonale gearwurking dien wurdt. Dêrtroch kinne maatregels lâns de hiele flyway (trekrûte, ynklusyf bried- en oerwinteringsgebieten) yn gearhing ûntwikkele wurde. Dat wurdt yn AEWA-ferbân (Agreement on the Conservation of African-Eurasian Migratory Waterbirds) oppakt. Dat is in ynternasjonale oerienkomst dy't yn 1995 sletten waard. Nederlân is ûndertekener fan dy oerienkomst. Neffens ôfspraken tusken it ministearje fan EZ en IPO lûkt de provinsje Fryslân it dielnimmen fan Nederlân yn de AEWA. Yn AEWA-ferbân binne earder managementplannen (behearplannen) foar it blaupoatsje en de taigawink opsteld. Yn desimber 2018 binne ek de managementplannen foar de paugoes en de skiere goes fêststeld. No sil yn AEWA-ferbân oan de útfieringsplannen wurke wurde. Dy sille dêrnei yn it Nederlânske (en Fryske) guozzebelied ymplementearre wurde moatte (om ende by 2021). Dat ferget ôfstimming tusken de ferskate oanbelangjende partijen (provinsjes, ryk en faunabehearriedheden).

**Koarte gearfetting** : It Fryske guozzebelied is yn de nota Gans in Balans fêstlein (PS, 2013). Yn 2017 is troch DS en PS de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 fêststeld. Dêryn wurdt de oanpak oant en mei de winter fan 2019-2020 útwurke om de fretskea fan guozzen yn 'e stringen te hâlden. De oanpak is ta stân kommen nei in yngeand trajekt mei alle partijen dy't by de guozzen behelle binne. Yn it fjild likegoed as by útfieringsynstânsjes as Faunabehearriedheid en BIJ12-Faunafonds útstiet hieltyd mear ûnderfining mei de útfiering. De foarriedige skeagegevens oer de winter fan 2017-2018 wize op in fermindering fan de guozzeskea (-24%). Foar in deeglike evaluaasje en in goed ôfwoegen ferfolch nei 2020 is it lykwols needsaaklik om oer in langere rige fan jierren sicht op de resultaten fan de Fryske Guozze-oanpak te krijen. Dêrneist sil om ende by 2021 ymplementaasje fan de ynternasjonale AEWA-guozze-oanpak syn beslach krije. Om dy redenen advisearje wy Provinsjale Steaten om de rintiid fan de Fryske Guozze-oanpak oant en mei 2023 te ferlingjen. De ferlinging kin binnen de besteande juridyske, finansjele en beliedsmjittige ramten syn beslach krije.

**Beslútpunten** : Provinsjale Steaten beslute:  
De rintiid fan de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 oant en mei 2023 te ferlingjen.

**Taheakke** : Gjin

**Taljochting** :

**Kontekst** : Op 24 septimber 2014 hawwe Provinsjale Steaten de Fryske Guozze-oanpak 2014 fêststeld. Út in wiidweidige evaluaasje yn 2016 die bliken dat it doel, fermindering fan de guozzeskea mei 5-10% jiers net helle waard. Dêrop hawwe DS en PS yn 2017, mei de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 in oanskerpe oanpak fêststeld. Dêryn wurdt neist skeafermindering ek rekken hâlden mei it duorsum yn stân hâlden fan de ynternasjonale beskerme guozzpopulaasjes.

**Probleemstelling** : De rintiid fan de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 is te koart om de effekten fan de útfiering goed yn byld te krijen, wêrtroch't in sekuere evaluaasje en (mooglike) werhifking net goed mooglik is.

**Probleemanalyze** : It guozzedossier yn Fryslân is de ôfrûne jierren meardere kearen fluch efterinoar wizige. Wiziging yn belied en/of útfiering wurket troch yn oare besluten, dy't dêrom ek wer wizige wurde moatte. Yn ûndersteande tabel de wichtichste besluten op it guozzedossier fan 2013 ôf.

Beslút	DS	Datum	PS	Datum
Beliedsnota 'Gans in Balans'	X	26 feb. 2013	X	24 apr. 2013
Erratum 'Gans in Balans'			X	17 jun. 2014
Erratum 'Gans in Balans'			X	12 jul. 2017
Fryske Guozze-oanpak 2014 - 2020	X	24 sep. 2014		
Útstel evaluaasje Fryske Guozze-oanpak 2014 - 2020 mei 1 jier	X	19 apr. 2016		
Fryske Guozze-oanpak 2017 - 2020	X	18 apr. 2017	X	12 jul. 2017
Fryske Guozze-oanpak 2017 - 2020 wiziging okt. 2017	X	17 okt. 2017		
Subsydzjeregeling guozzeferazjeargebieten 2014	X	31 mrt. 2015		
Subsydzjeregeling guozzeferazjeargebieten 2017 - 2020	X	17 okt. 2017		
Mandaatbeslút Subsydzjeregeling guozzeferazjeargebieten Fryslân 2014	X	28 jun. 2016		
Mandaatbeslút Subsydzjeregeling guozzeferazjeargebieten Fryslân	X	17 okt. 2017		
Feroardering skeabestriding bisten Fryslân 2014			X	24 sep. 2014
Feroardering skeabestriding bisten Fryslân 2015			X	24 jun. 2015
Feroardering Wet natuerbescherming Fryslân 2017			X	23 nov. 2016
Feroardering Wet natuerbescherming 2017, wiziging 2017			X	12 jul. 2017
Feroardering Wet natuerbescherming Fryslân, wiziging guozzen			X	24 jan. 2018
Faunabehearplan 2014 - 2019	X	13 jan. 2015		
Faunabehearplan Winterguozzen 2017 - 2019	X	12 des. 2017		
Faunabehearplan Winterguozzen 2018 - 2020	X	8 okt. 2018		

Begrinzging foerazjegebieten 2014 - 2016	X	26 aug. 2014		
Begrinzging foerazjegebieten 2016 - 2017	X	25 okt. 2016		
Wiziging begrinzging foerazjegebieten 2016 - 2017	X	7 feb. 2017		
Begrinzging foerazjegebieten 2017 - 2020	X	17 okt. 2017		
Beslút ta weroerwaging begrinzging foerazjegebieten 2017 - 2020	X	16 okt. 2018		
Beliedsregel Wet natuurbescherming Fryslân 2017	X	27 sep. 2016		
Beliedsregel Wet natuurbescherming Fryslân 2018	X	10 jul. 2018		

By al dy wizigings binne de Fryske guozzepartijen yngeand behelle. Dat hat in ôfgrysliken ynset fan dy partijen ferge. Boppedat brochten dy wizigings hieltyd, soms flinke, feroerings mei harren mei foar de útfierende partijen yn it fjild (grûnbrûkers/boeren, jagers en terreinbehearende organisaasjes). Dy hawwe harren by de útfiering hieltyd oan alle wizigings oanpasse moatten.

De rintiid fan de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 einiget nei de winter fan 2019-2020. Om yn 2020 in ôfwoegen beslút nimme te kinnen oer it ferfolch fan de Fryske Guozze-oanpak, dan moat der mei it each op de tariedings- en beslútfoarmings tiid op hiel koarte termyn útein set wurde mei it proses foar de útfiering nei 2020. Dat wylst yn 2017 noch in beslút oer de oanskerpe oanpak nommen is. Boppedat binne der op sa'n koarte termyn noch ûnfoldwaande gegevens beskikber om in sekuere evaluaasje útfiere te kinnen.

Gearfetsjend neikommend in tal arguminten om de rintiid fan de Fryske Guozze-oanpak te ferlingjen:

- Op grûn fan de evaluaasje oer de winter fan 2017-2018 docht bliken dat de guozzeskea de ôfrûne winter mei 24% sakke is, wat betsjut dat it beliedsdoel fan dizze winter helle is.
- De sifers, nedich foar in goede evaluaasje, bestrike no ien winter (2017-2018). De sifers oer de winter fan 2018-2019 komme te let beskikber om op 'e tiid in deeglike evaluaasje mooglik te meitsjen;
- De besteande oanpak kriget de kâns him goed te ûntwikkeljen, trochdat partijen derop ynspile reitsje, en it effekt fan ynstruminten as it heger eigen risiko bûten foerazjegebieten en it meganisme fan de bonus-malusregeling wurdt better sichtber;
- Ferlinging fan de rintiid befoarderet de bekendheid by en dúdlikens nei de partijen yn it fjild en nei partijen as BIJ12-Faunafonds, Faunabeheariensheid en Fumo;
- It jout romte foar in sekuere ymplementaasje fan de ynternasjonale AEWA-oanpak;
- It opstellen fan in nije guozze-oanpak fergiet in soad ynset fan de organisaasje en freget, koart nei de foarige evaluaasje wer in soad fan de by guozzen behelle partijen.

**Doelstelling / beëage effekten:** : Mei ferlinging fan de rintiid fan de Fryske Guozze-oanpak hawwe wy foar eagen dat der mear rêst en bestindigens op dit dossier komt. Dat liedt ta dúdlikens by de útfierende partijen en ta in sicht oer in langere rige fan jierren op de effekten fan de guozze-oanpak. Dêrtroch sil in deegliker evaluaasje én sekuere oanpassing fan de Fryske Guozze-oanpak mooglik wurde. It beliedsdoel fan in reduksje fan guozzeskea mei 5-10% jiers bliuwt itselde.

**Risiko's** : As de rintiid fan de Fryske Guozze-oanpak net ferlinge wurdt sil yn 2019 in nij beslút oer in ferfolch op de oanpak dy't no jildt nommen wurde moatte. Op dat stuit beskikke wy net oer genôch ynformaasje om in goede analyze te meitsjen fan de effekten fan de oanpak oant dat momint. Dat komt omdat yn de earste útfieringswinter, 2017-2018 partijen noch ynspylje moasten op de nije oanpak, wêrtroch't de útfiering net optimaal wie. Gegevens oer de twadde winter (2018-2019) binne earst ein 2019 op syn betiidst beskikber (skea, skeabedraggen, ôfskot, ferjeien, oantallen guozzen). Dêrtroch is der net op 'e tiid in goed byld fan de effekten fan de guozze-oanpak beskikber. Dêrtroch kin in wiziging fan de oanpak net genôch ûnderboud wurde. Dat komt de ûnderbouwing fan de guozze-oanpak net te'n goede. Tagelyk rint de provinsje dêrmei in juridysk risiko dat (parten fan) de guozze-oanpak foar de rjochter gjin stân hâlde.

Om ende by 2021 sil de ynternasjonale AEWA-guozze-oanpak ymplementearre wurde kinne, sa wurdt ferwachte. Dat ferget fan dat stuit ôf nei alle gedachten in oanpassing fan it Fryske guozzebelied. As ek yn 2019 al oan in wiziging fan de guozze-oanpak wurke wurdt, bestiet it risiko dat draachflak troch alle fluch efterinoar kommende wizigings lytser wurdt.

**Probleemoplossing** : Om de earder sketste problemen op te lossen, stelle wy út de rintiid fan de FGO te ferlingjen. Dat hat nammentlik as gefolch dat der oer in langere rige fan jierren sicht is op de effekten fan de oanskerpe útfiering en it dêryn opnommen ynstrumintarium, wêrtroch't in deeglike analyze fan de resultaten makke wurde kin. Dat is needsaaklik foar evaluaasje en it ûntwikkeljen fan in (mooglik) oare oanpak. It jout romte foar in sekuere ymplementaasje fan de ynternasjonale AEWA-oanpak. En it jout in skoft rêst op dit dossier, wat de útfiering yn de praktyk te'n goede komt.

**Foarkaroplossing / Yntegrale ôfwaging** : Útsteld wurdt de rintiid fan de Fryske Guozze-oanpak 2018-2020 oant en mei 2023 te ferlingjen. Ferlingjen oant en mei 2023 is in realistyske termyn, mei it each op de neikommende aspekten:

- De besteande oanpak kriget de kâns him goed te ûntwikkeljen, trochdat partijen derop ynspile reitsje;

- Dy rintiid biedt genôch tiid om it effekt fan ynstruminten as it heger eigen risiko bûten foerazjeargebieten en it meganisme fan de bonus-malusregeling sichtber te meitsjen;
- It jout romte foar sekuere ymplementaasje fan de ynternasjonale AEWA-oanpak.

*Wêrom moat PS oer de ferlinging fan de rintiid beslute?*

Feitlik is de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 in útfieringsnota, wêrmei't it troch PS fêststelde guozzebelied, fêstlein yn de Nota Gans in Balans, troch DS útfierd wurdt. De reden dat PS dochs ek de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 fêststeld hat, wie dat dat tagelyk barde mei de fêststelling fan de Gewijzigde Verordening Wet natuurbescherming Fryslân 2017. De wiziging fan de Feroardering wie needsaaklik om útfiering fan de Fryske Guozze-oanpak mooglik te meitsjen. Yn dy sin wiene it gearhingjende stikken en hat de griffy advisearre om beide stikken troch Provinsjale Steaten fêststelle te litten. Omdat it guozzedossier foar Provinsjale Steaten yn de hjoeddeistige gearstalling altyd in wichtich dossier west hat, achtsje wy it logysk dat dizze Steaten no ek oer ferlinging fan de rintiid fan de jildende Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 beslute.

- Útfiering** : De Fryske Guozze-oanpak wurdt útfierd troch boeren (grûnbrûkers), jagers en terreinbehearende organisaasjes. Binnen WBE's wurkje jagers en oare partijen gear om boeren te stypjen by it ferjeien fan guozzen. De útfiering wurdt troch de Faunabeheariensheid Fryslân koördinearre. Yn it bestjoer fan de FBE binne alle by guozzen behelle partijen fertsjintwurdige. BIJ12-Faunafonds is as útfieringsorgaan fan de provinsjes ferantwurdlik foar it ynventarisearjen fan de guozzeskea en it útkearen fan temjittekommings yn dy skea oan grûnbrûkers.
- Monitoaring/evaluaasje** : Neffens de yn de Fryske Guozze-oanpak 2014 fêstleine ôfspraak sil de fuortgong op syn minst ienris jiers mei oanbelangjende partijen bepraat wurde. Sifers oer skea, oantallen guozzen en behearmaatregels, dy't alle jierren by de tiid brocht wurde, foarmje dêrfoar de basis.
- Tagelyk sil, as ynfolling fan de moasjes mei de nûmers 1571 en 1581, it resultaat fan de nije Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 oan PS foarlein wurde. Dat sil, yn oerienstimming mei de moasjes, barre sadree't twa winterskoften foarby binne en alle gegevens oer dy winters, fan de oanbelangjende partijen (Sovon, BIJ12-Faunafonds, FBE) ûntfongen binne.
- Stjoering** : PS wurdt alle jierren fia de normale P&C syklus oer de fuortgong ynformearre. Dêrneist ynformearje wy PS periodyk skriftlik oer de ynhâldlike fuortgong.

Yn 2023 is de, troch jo steaten fêststelde beliedsnota Gans in Balans, tsien jier âld. Dizze sil dan op 'e nij besjoen wurde moatte, ek fanwege de ymplementaasje fan de ynternasjonale AEWA-oanpak. Op dat stuit sil ek in foarstel dien wurde om útfiering te jaan oan it advys fan de Kommissje foar beswier- en beropsskriften en klachten om it foech tusen Deputearre- en Provinsjale Staten op it guozzedossjee helder te regeljen. Dit soe betsjutte kinne dat dúdliker ûnderskied makke wurdt tusken it fêststellen fan belied (Gans in Balans) en regeljouwing (ûnder oaren de Verordening Wet Natuurbescherming Fryslân) troch PS en úfiering (û.o. de Fryske Guozzeoanpak) troch DS.

**Ferfolchproseduere** : By de earste berap yn 2019 of by beslútfoarming oangeande de ûntwikkelopjefte fan it Natuarpact (Natuur Haalbaar en Betaalbaar) sil it frijjaan fan de middels yn oerienstimming mei Natuarpact 2014 IPO BIJ12 Faunafonds foar fêststelling oan jimme Steaten foarlein wurde.

Nei in beslút ta it ferlingjen fan de rintiid fan de Fryske Guozze-oanpak sille dêroan liearre besluten ek ferlinge wurde moatte. It giet dan yn alle gefallen om de rintiid fan it Faunabeheerplan Winterguozzen 2018-2020, de begrinzging fan de guozze-foerazjeargebieten en de Subsydzjeregelig guozze-foerazjeargebieten Fryslân 2017-2020. It foech dêrta leit by DS.

**Oare punten** : -

Ljouwert,  
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius – Riemersma, MBA MCM, sekretaris

## UTSTEL

**Underwerp** : Ferlingje rintiid Fryske Guozze-oanpak 2017-2020  
(01615457)

### Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan , nr. ..., oangeande ...

Mei it each op

Oerwagende dat : De útfiering fan de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 noch mar twa winters rint, wêrfan ien winter wêryn't alle partijen noch ûnderfining mei de wizige oanpak opdwaan moasten;  
It foar in sekuere evaluaasje en dêrop folgjende beslútfoarming needsaaklik is dat sicht oer in langere rige fan jierren krigen wurdt op de effekten en resultaten fan de Fryske Guozze-oanpak;  
De ynternasjonale AEWA-guozze-oanpak om ende by 2021 yn de Nederlânske en Fryske guozze-oanpak ymplementearre wurde kin;  
Dat it foar alle by guozzen behelle partijen winsklik is dat der mear rêst komt op it guozzedossier en wizigings yn de guozze-oanpak inoar net te fluch opfolgje;

**Beslute** : De rintiid fan de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 oant en mei 2023 te ferlingjen.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan 19 jannewaris 2019,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

G.W. Huisman, griffier